

## Boekpresintaasje te pearde-Te peerde (DeRyp)

Yn opdracht fan de Gerben Rypma Stichting makke Eeltsje Hettinga yn 2012 in prachtich boek oer Gerben Rypma mei in biografy en in hiel soad yllustraasjes. It wie dan ek net nuver dat Sicco Rypma, de foarsitter fan de Gerben Rypma Stichting, de oanwêzigen yn kafee De Freonskip ferwolkome by de presintaasje fan *Te pearde – Te peerde*, in twatalige blomlêzing fan de gedichten fan Eeltsje Hettinga. De presintaasje, op freedtemiddei 14 april 2023, wie tige slagge.

De ferskate praatsjes en foardrachten dy 't mei sa 'n presintaasje mank geane, wiene nijsgjirrich genôch en gelokkich nearne te lang, dus de oanwêzigen, sa 'n fjirtich, fyftich man, koene nei ôfrin noch lekker 'rom sitte'. De earste dy 't it wurd krige nei Sicco Rypma wie Steven de Winter, in freon fan de dichter. De Winter begûn yn it Frysk, dat er nei syn ferhuzing nei Fryslân by de Afûk leard hie, mar gie healwei syn taspraakje oer op it Nederlânsk om 't er, sa sei er humoristysk, him dochs in bytsje fiede as de Frânske presidint dy 't Nederlânsk besocht te praten.

Hy seach werom op syn earste moeting mei Eeltsje Hettinga, op in literêre gearkomste fan de Gerben Rypma Stichting. "Te pearde, derop ôf, dat is wat Eeltsje docht as skriuwer yn de literatuer, yn de polityk", sa sei de Winter, dy 't bliid wie mei de mannichte oan petearen dy 't er letter mei Eeltsje fierd hie. En hy relativearre it ferhaal dat er 'ôfstudearre' wêze soe op in gedicht fan Hettinga. By de ôfsluting fan syn stúdzje Frysk by de Afûk hie De Winter in skripsje skreaun oer dy syn gedicht 'Nacht oer Greonterp'.

Eeltsje Hettinga hie de Fryske dichter Syds Wiersma frege om in pear gedichten foar te dragen. Dy fiede him skatplichtich oan dichters as Hettinga en hy hie om foar te lêzen in 'hynstegedicht' útsocht út syn nijste bondel *Skaadhûn* (2022). It gie om it lêste part fan de syklus 'Achterdyk'. Dy syklus skreau Wiersma nei oanlieding fan petearen mei Tsjerk Visser, de âldste noch libjende garnalefiskers fan it doarp Wierum, dy't destiids op 92-jierrige leeftiid noch altyd mei syn soan fiske op de Waadsee. Yn it gedicht ferbyldet Wiersma de ferhalen en de taal fan de âlde fisker.

Elske Schotanus stalde de twatalige blomlêzing *Te pearde-Te peerde* gear, soarge foar de Nederlânske oersettingen en skreau der in ynliedend essay by. Hoewol't de tematyk yn de gedichten fan Eeltsje Hettinga op syn koartst gear te fetsjen is mei it wurd 'ferlies' hie se krekt besocht om ek de boartlike, eroatyske en fûle kant fan syn gedichten sjen te litten. Se demonstrearre dat troch de Nederlânske ferzje foar te lêzen fan it trije siden tellende gedicht 'Lulle'. De Fryske ferzje liket troch it brûken fan 'nuvere' wurden en klankrykheid amper oer te setten, mar Schotanus blykte der dochs yn slagge te wêzen om dy klankrykheid nei it Nederlânsk oer te setten.

Dêrnei wie it de beurt oan Eeltsje Hettinga sels. Hy krige yn 2021 de Gysbert Japicxpriis foar syn wurk as Dichter fan Fryslân (2017 -2019). De provinsje Fryslân stelde him dêrby yn de gelegenheid om in seleksje út eigen wurk meitsje te litten. Hettinga gie koart yn op wat de sprekkers foar him sein hiene en op de gedichten dy 't er skreau as Dichter fan Fryslân. Hy lies in gedicht foar dat er yn dy hoedanichheid makke. It gedicht is ûnder oare basearre op ien fan de bynammen fan Poetin, 'bleke mot' en hat as lêste rigels:

*Gjin geweld of it keart him tsjin himsels:  
in bom dy't útinoar spat, midden  
yn it mom fan in man, bleek as in mot.*

Hy droech ek de earste strofe foar fan it gedicht 'Ta begearte fan gea':

*Te pearde, te pearde foar 't reade famke Libanon  
waans portret ik seach, stoned yn âld Avignon.*

*Hja sjongt de lieten fan dier en beamte, slacht  
reinder út de rotsen fan onyx, in simmernacht  
is har Gryks boud liifke, fjoer drage har eagen  
en oerryt is de gielguorde fan har golle geast.*

Hettinga sei derby dat it gedicht opdroegen is oan Reinder Rienk van der Leest (berne 1933), in Fryske skriuwer/dichter dy't er noch hieltyd heechachte om de boartlikens fan syn taal. Ek lei er út wêrom't de presintaasje plak fûn yn Blauhús. Yn dizze kriterien hie er as jonge faak yn in boatsje fearn mei syn âldere broer Tsjêbbe. By moai waar lutsen se derop út en hiene dan in tas mei boeken, dichtbondels mei. Se liezen inoar gedichten foar fan Obe Postma, Herman Gorter of Habakuk II de Balkar (H.H. ter Balkt ). Mar ek de dichter dy't wenne yn dizze streek, Gerben Rypma, siet dertusken.

It (foar)lêzen fan dizze dichters sette net allinnich Tsjêbbe mar ek Eeltsje Hettinga oan ta it sels skriuwen fan gedichten. Earst yn it Nederlânsk, sa sei Eeltsje, mar al gau gie er oer op syn memmetaal. Dêrnei rikte Eeltsje Hettinga it earste eksimplaar fan *Te pearde-Te peerde* út oan syn suster Wytske. Dy wiisde it publyk nochris op it opfallende omslach fan de bondel. Dat omslach is foarmjûn troch Johan Bouwhuis, mar de ôfbylding mei de opfallende kleuren is makke troch Elske Schotanus. Foaral de earkes fan de ôfbylde hynstekop diene Wytske weromtinken oan de tiid dat se mei har broers en heit op in karre achter it hynder siet.

Foardat it oanwêzige publyk noch efkes lekker 'rom sitte' koe yn kafee De Freonskip of bûten op it terras, fertelde Hille Faber fan Utjouwerij DeRyp oer in hynstekeuring út 1978 dêr't de Hettinga's ek hynders op keure lieten. Heit Hettinga wie der al betiid. De soannen soene helpe, mar kamen pas folle letter by de keuring oan. Dat siet in priis, in oranje lint, net yn it paad. En yn alle gefallen – sa sei Faber ta beslút – fertsjinnet de bondel *Te pearde-Te peerde* in oranje lint.